

couplet 1: YN IT NOARDEN FAN FRYSLÂN, DER RIED RIS IN TRAM MEI IN GONG FAN SA
'N TRITICH YN 'T OER.
MAR DE TIID GONG FOARBY EN DAT TRAMKE MOAST WEI. EN DOE REKKE
DE BOUHOEK FOL FJOER.

*refrein: YN IT DOKKUMER LOKAALTSJE, SIET MEN ROM IT HIELE EIN.
EN IT WIE DER SA SMÛK, AS MEN SIET YN 'E HOEK.
O, WAT WIE DOCHS DAT TRAMKE SOMS FIJN.*

couplet 2: IN KOMMISJE FAN TRIJE, DY KAAM OAN IT WURD. FOAR DY TRAM DER
MOAST KOMME IN BUS.
EN IT DUORRE NET LANG, WANT IT SPOAR WIE NET BANG. EN NO HINGET IN
ELTS YN E LUS.

*refrein: YN IT DOKKUMER LOKAALTSJE, SIET MEN ROM IT HIELE EIN.
EN IT WIE DER SA SMÛK, AS MEN SIET YN 'E HOEK.
O, WAT WIE DOCHS DAT TRAMKE SOMS FIJN.*

couplet 3: HIEL DE BOUHOEK STIET STRAM, HAST YN FJOER EN YN FLAM, WANT DE
BUS NOU DY IS OAN 'E ROL.
EN JO STEAN BY DE WEI EN JO KINNE NET MEI, WANT DE BUS, NOU DY IS
ALTYD FOL.

*refrein: YN IT DOKKUMER LOKAALTSJE, SIET MEN ROM IT HIELE EIN.
EN IT WIE DER SA SMÛK, AS MEN SIET YN 'E HOEK.
O, WAT WIE DOCHS DAT TRAMKE SOMS FIJN.*

couplet 4: DÊROM NOU TA BESLÚT, SMYT DY BUS DER WER ÚT, EN JOU ÚS DAN MAR
LEAVER IT SPOAR.
EK AL FRET HY DE KOAL EK BY 'T WEINTSJE HAST FOL, EN AL WIE MEN FAN
'T REIZGJEN WAT GOAR.

*refrein: YN IT DOKKUMER LOKAALTSJE, SIET MEN ROM IT HIELE EIN.
EN IT WIE DER SA SMÛK, AS MEN SIET YN 'E HOEK.
O, WAT WIE DOCHS DAT TRAMKE SOMS FIJN.*

